

Nijtsjerksters komme ek yn 'e kunde mei boargemaster en syn frou

Mear as 120 Nijtsjerksters koene op de jiergearkomste fan de Feriening fan Doarpsbelang efkes fûskje mei boargemaster Sybesma en syn frou. Dat waard tige wurdearre en de measten makken ek in koart praatsje mei harren. Dit alles barde yn it skoft nei't boargemaster Sybesma oan it wurd west hie. Yn syn taspraak tanke de boargemaster doarpsbelang foar de golle ûntfangst en sei dat hy, hoewol't in protte wurk betsjut om by alle doarpen lâns, graach mei safolle mooglik minsken yn de gemeente yn 'e kunde komme wol. 'Wy moatte meiïnoar de skouders ûnder de nije gemeente sette. Ek yn it kolleezje fan b. en w. en op it gemeentehûs ûnder de amtners is de sfear en de gearwurking goed te neamen'. Hy snijde fierder in grut tal gemeentlike en pleatslike swierrichheden oan. Yn it sanearringsplan fan Easternijtsjerk komt sa njonkenlytsen wat aksje. It bedriuw fan Van Driesum sil dit jier noch ferpleatst wurde nei De Griene Wei, krekt bûten it doarp, en ek mei it boerebedriuw fan A. Elzinga is oerienstimming ta ferpleatsing. Dêrneist ha de hinnehokken fan Wijnsma al in oare bestimming kri-ge.

Yn it sanearringsplan komt sa njonkenlytsen wat aksje

Wat it djiprioel oan De Griene Wei en de Buorfinne oanbelanget, fernijde de boargemaster de oanwêzigen dat de oanbesteging ynkoarten barre sil om't sûnt ferline wike de finânsjele middels dêrta loskommen binne. Ek de Firma Fatels wachtet op wat moaier waar om de earste peallen fan harren woartelferwurkingsbedriuw yn de grûn te slaan. Al mei al in protte aktiviteiten it kommende jier yn Easternijtsjerk.

Doarpsbelang hie it nije gemeentebestjoer alris frege wêrom 't de container op it parkearterrein fan Bollingwier net werom kommen is. De boargemaster antwurde dat der ferskate redenen foar oan te wizen binne. Yn't foarste plak is it kontrakt mei de Firma Holverda op 1 jannewaris ôfrûn. Fierders wurdt der wykliks troch de gemeente al grut ôffal ophelle. De boargemaster fûn ek dat de boargers der meiïnoar foar soargje moasten dat der net ylleaal ôffal stoart wurdt. Hy neamde sels yn dit ferbân it wurd 'doarpsplysje'.

Skoallen

Oer de nij te foarmjen basisskoallen yn de gemeente woe de boargemaster wol kwyt dat de swierrichheden wat tafolle. Ommers op 1-1-'84 wennen der yn de nije gemeente minder dan 25.000 ynwenners, dus hoege de skoallen ek oan wat legere noarmen te fol-dwaan. De boargemaster sei ta dat it gemeentebestjoer him sterk meitsje wol foar it fuortbestean fan de skoallen.

Oan de ein fan syn taspraak sei de

boargemaster dat hy hoopte dat de drompel tusken de minsken en it gemeentebestjoer net te heech wêze sil. De wethâlders ha sprekoere en ek de boargemaster is tillefoanysk as mei in briefke goed te berikken. 'Jimme kin op ús rekkenje, no net tefolle mear prate, mar meiïnoar wurkje oan de nije gemeente'.

Grutte ferskillen

Op in fraach fan ien fan de oanwêzigen oft der yn de nije gemeente ek wat minder ferskil komt tusken de subsidzje fan bygelyks it Iepen Alderein Wurk yn Dokkum (1½ ton) en de âldereinsoos yn Nijtsjerk (f 200,-) moast de boargemaster tajaan dat der grutte ferskillen bestean yn de trije âlde gemeenten wat it jaan fan subsidzje oan de ferskate ferienings en ynstânsjes oangiet. It leit wol yn de bedoeling dat men wat langer wat mear ôfgean sil op gelykberjochting.

Nei oanlieding fan dizze fraach gie de boargemaster ek noch wat yn op de gemeentebegrutting. Dat der in tekoart is fan 2,1 miljoen gûne hat twa grutte oarsaken. As earste rekkene hy de oanwêzigen foar dat Dongeradiel 1,6 miljoen gûne mear as it gemiddelde yn Nederlân opbringe moat foar it ûnderhâld fan de wegen yn de gemeente. Ek de sosjale útkearings sels betelje en dat betsjut dat der dit jier leafst 4½ ton mear as fetline jier op de begrutting stiet. Wylst de gemeenten yn Nederlân gemiddeld f 75,- de ynwener sels opbringe moat oan sosjale útkearings, moat Dongeradiel f 125,- de ynwener sels opbringe.

It is wol dúdlik dat dit sa net langer kin en wy sille dan nei it Ryk ta moatte om ús swierrichheden nei foaren te bringen. De boargemaster foarsei dan ek dat it tekoart op de begrutting takom' jier fêst leger wêze sil.

Tekening en in kuorke

Foar't de boargemaster en syn frou ôfskie namen, krigen se fan Doarpsbelang noch in tekening fan Easternijtsjerk oanbean. Ek in kuorke fol mei tûnbouprodukten fan Nijtsjerkster grûn (oanbean fan de bedriuwen Jansen en Sikkema) koene hja mei nei Dokkum nimme.

Op dizze jûn kaam ek **Sikko Heldoorn fan Lauwerskrite** oan it wurd. Nei in algemiene ynliding oer opset en wurkwize fan dit Projekt Lytse Kearnen brocht hy nei foaren wat dit allegear foar it doarp Nijtsjerk betsjutte kin. Wichtich punt dêrby wie in mooglike útwreiding fan Doarpsbelang De Terp (ek de boargemaster en foarsitter P. Buwalda fan UDI hiene dit punt al oansnijd). Hy stelde dat yn de kommende tiid besjoen wurden moat hoe fier 't de finânsjele pols rikt, in mooglik tekoart kin opfuld wurde mei jild fan de Lauwerskrite.

Nei oanlieding fan in fraach sei hy dat it perfoarst net de bedoeling is om it besteande jild mar ûnder de dielnimmende doarpen te ferdielen. De doarpen kinne no wat ekstra oandacht en ekstra subsidzje krije. As foarbyld neamde hy it Ljeppershiem yn Westergeast wêr't 2 ton oan subsidzje binnen helle is.

By it hûshâldlike diel fan de jûn die bliken dat doarpsbelang der yn 1983 in tûzen gûne op foarútgien is en by de bestjoersferkiezing waard P. Post wer foar in nije perioade ynhierd. Skriuwer R. Tolsma hie him net wer beskikber steld en foarsitter Linthof betanke him foar it protte wurk dat hy foar de feriening dien hat. Yn syn plak waard M. Faber-Walda keazen.

De jûn waard musikaal iepene mei in optreden fan muzykferiening UDI en sa no en dan wie der in optreden fan Teake van der Meer, dy't op de fan him bekinde humoaristike manier de stimming der goed yn hâlde.

Fytstocht

Om healwei tolven koe foarsitter dizze ti-ge slagge dei slute. In dei dy't al om trije oere begûn wie mei in tocht op fytsen fan de boargemaster en syn frou mei de bestjoersleden fan Doarpsbelang. Op dizze fytstocht waard de boargemaster wiisd op allerhande saken yn it doarp. De Herfoarme Tsjerke waard besocht en ek de bedriuwen fan P. Post en Van Driesum. Boargemaster prate ek mei ferskate eigners fan pannen dy't op de sanearringslist stean.

Foar it iten hie doarpsbelang ek soarge. Om goed seis oere hie de behearder fan it doarpsbelang in treflik breamiel klear stean.